

It eilaam

Skriuwer en útjouwer betankje de

S.E. Wendelaar Bonga Stichting

foar de finansjele stipe

Colofon

titel: It eilaam

skriuwer: Jikke Olivier

omslachûntwerp: Rieke Verbeek

boekfersoarging: Arjen Bakker | De Pinne

ISBN: 9789403888811

Bibelteksten binne oernaam út

Nije Fryske Bibeloersetting © Nederlands Bijbelgenootschap 1978

© 2026 Jikke Olivier en De Pinne

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek sûnder skriftlike tastimming fan de útjouwer. It is ek perfoarst net tastien om de tekst fan dit boek te brûken foar training fan (generative) AI-modellen.

Jikke Olivier

It eilaam

Bibelsk-histoaryske roman

 **DE PINNE**

Eardere boeken fan Jikke Olivier:

Skuld (2018)

In soarte fan brekken (2020)

Hertsear (2021)

Swiet & Bitter (2023)

It langpaad (2024)

Allegear útjûn by de KFFB

‘Wir alle fallen. Diese Hand da fällt.
Und sieh dir andre an: es ist in allen.

Und doch ist Einer, welcher dieses Fallen
unendlich sanft in seinen Händen hält.’

Ut it fers Herbst - Rainer Maria Rilke

YNTRODUKSJE

NATAN

Wat falt der oer my te sizzen? As sjenner of foarsizzer haw ik de ûntankbere taak om minsken ta ynkear te bringen wannear't se mei ferkearde dingen dwaande binne. Dat doch ik net út mysels wei, ik bin roppen troch de libbene God. Dêrom falt der foar my net folle te kiezen, ik moat eins sûnder mear útfiere wat my troch Him ynjûn wurdt. Alhoewol, dat is wat te maklik sein. Ik tink echt wol goed nei oer wat my opdroegen wurdt. Yn it lân Israël is lykwols net in soad wurdearring of begryp foar it godlik boadskip dat ik te fertellen haw. It is earder sa dat minsken ta rachen en skellen ferfalle wannear't se my yn 't sicht krije. As profeet wurde jo geregeld ferhune troch it folk.

'Natan, sjarlatan!', wurdt der dan as earste roppen. Dy skelnamme is my sa stadichoan ta earenamme wurden. Dêrfoaroer is it my wolris tefolle as my ferwiten wurdt dat ik in soad poehei meitsje, mar eins in bûksprekker bin, in neiprater. Of wannear't ik degradearre wurd ta: sleauwe pieler, griemer, kneukelhouver, swalkjende swindler, kwaksalver of inkeld noch slimmer: as my fyntsjes ûnder de noas wreun wurdt dat ik praat haw dat gjin fel om it gat hat. Der binne dagen dat ik my in ropper fiel dy't op 'e merk stiet mei oars neat te keap as ôfwaaide praatsjes.

Minsken wolle net begripe dat ik dielgenoat bin fan

de libbene God. Ik hear Syn stim en sjoch nei de wrâld út Syn perspektyf wei. Myn taak bestiet út it foarsizzen ofwol oankundigjen fan de takomst, mar likegoed út it taktfol bystjoeren fan immen dy't it rjochte paad bjuster is en in heilleaze wei ynslein is. It is net sa dat ik my opstel as wiersizzer of tsjoender. Ik lit altyd sjen dat myn boadskip fan God komt, dat ik de tuskenman bin tusken Him en it folk fan Israël. Mei de himelske boadskippen dy't ik bring, besykje ik de wrâld in stikje moaier te meitsjen, te krewearjen foar in better minskdom.

Dat myn wurden gauris skerp en bitend binne, draacht fansels ek net by oan myn populariteit. Mar sa't fjoer net oanpoend wurde kin sûnder te blazen, sa komme minsken net earder yn aksje as wannear't se kidele en sadwaande oantrúnd wurde om in feroaring op gong te bringen. Ik tink dat se my dêrom ek wol beskôgje kinne as eachiepener. Ik lear se om guon dingen oars te sjen.

Wa't de eagen goed iepen hat, sjocht dat it dekôr fan ûnferbidlikheid yn myn wurk út leafde en moederaasje foar it minskdom bestiet. Omdat ik yn eardere tiden myn eigen gefoelens tefolle sprekke litten haw, bin ik alris raar fallen. Dat wie doe't kening David my om tastimming frege foar it bouwen fan in timpel foar Gods arke. De hillige kiste moast oan dy tiid ta yn in tinte stean.

It wie David raar yn 'e wei dat hy yn in paleis fan sederhout wenne en de arke allinne mar beskerme waard troch in tal kleden. Sûnder oerlis of neitinken antwurde ik him doe: 'Doch alles wat jo yn jo omgean litte, want de Heare is mei jo.' Ik wie daliks entûsjast

oer syn plan. De winsk fan David wie sa moai, dy koe dochs net oars as nei God's gedachten wêze? Lykwols, it die bliken dat it foarnimmen fan David net yn oerienstimming wie mei God's wil. Ik hie him te gau in geunstich advys jûn.

Sûnt dat foarfal besykje ik om strang, mar tagelyk leafdefol te wêzen yn myn wurk as profheet. De opdrachten dy't ik fan de libbene God krij, fier ik net út sûnder dêr earst yngreven oer neitocht te hawwen. Ik haw myn eigensinnichheid oan 'e kant sette moatten, myn leske yn folchsumheid leard.

Op dit stuit haw ik in boadskip fan de libbene God krigen, dêr't ik op syn sêftst sein net sa wiis mei bin. Oan de iene kant sil it goed wêze om immen ta oarder te roppen fanwege de goddeleaze wei dy't er ynslein is. Mar oan de oare kant falt it my ferskriklik swier, omdat ik in man mei wa't ik wiis bin, teplak sette moat. Ik sjoch der tsjinoan as in dief tsjin it hingjen.

Ik sil alle takt dy't ik yn my haw, brûke moatte om kening David sjen te litten wêr't er mei dwaande is. Samar mei de klompen yn it spul komme is der net by. As myn boadskip immen as in lekken oer de holle smiten wurdt, sil dat inkeld dwersichheid op gong bringe. Dan is der gjin ynsjoch of ynkear te ferwachtsjen.

It liket my yn dit gefal goed om yn in parabel ta útdrukking te bringen wat ik sizze wol. Ik moat him in spegel foarhâlde, sadat er dúdlik gewaarwurde kin dat er in heilleaze wei ynslein is. Uteinlik giet it der om dat de man ta besinning komt, dat er helder ûnderskiede kin wat der misgien is yn syn libben fan de lêste tiid. Ik hoopje sa dat ik him ferjeffenis

oanbiede kin foar de misdieden, dy't foar it folk eins
net te ferjaan binne. Mar God tinkt oars as de
minsken.

Part 1:
De setting

I

REVI

Mem seach it by myn berte daliks al: dit jonkje hat in fin mear as in bears. Se hat it my ek kear op kear foarholden: Revi, do bist ryk segene mei it tredde each, doch dêr dyn foardiel mei yn de wrede wrâld! As pjut hie ik al in grutte fantasy en fertelde ik prachtige ferhaaltsjes oan myn tinkbyldige maatsjes. Myn broer wie al wat âlder en hie dêr absolút gjin earen nei. Wie der immen dy't mei ûnwierheden by ús kaam, ik fernaam it sûnder mis. Wankte der gefaar, dan waard ik warskôge.

Dat is noch altyd sa. Om in pear foarbylden te neamen: wannear't ik as boade fan de kening ûnderweis bin en der lizze rôvers op 'e loer, dan krij ik yntiids in wink fan it tredde each en slach ik in oar, feilich paad yn. It wurdt my gewoan ynjûn en sadwaande ûntkomt my neat. Mar ek op in oar flak haw ik profyt fan myn bysûndere jefte: ik sjoch oan minsken wat se tinke. Fansels haw ik de earen ek altyd iepen, mar oan de útdrukking fan it gesicht of de meneuvels kin ik hiel wat ôflêze. Koartsein, it is sa't mem sei: in segen! Utsein wannear't ik ferskrliklich wurch bin as der bûtenwenstige dingen spile hawwe en it te bot op myn tredde each oan kommen is.

No't ik sûnt in moai tal jierren as earste boade en fertrouwing yn tsjinst bin fan kening David, komt it bysûndere each my namstemear fan pas. Ik hâld alle bewenners fan syn paleis yn Jeruzalim skitende

krekt yn 'e kikert. Benammen twadde boade Abi, mar ek de oare boaden, de fammen dy't mei it iten rêde, de waskfroulju. En fansels de oare helten fan de kening en harren bern. Dat binne sa stadichoan nochal wat!

De amtners dy't de kening yn tsjinst hat, hâld ik ek yn it erchje. De prysters Sadok en Achimêlek binne in pear apart. Skriuwer Seraja hat se achter de earmtakke, dêr is gjin mis op! De advizen oer wichtige saken oangeande it lân, dy't Josafat de kânselier oan de kening jout, binne faak sa twifeleftich dat dy my dêr alle kearen oer rieplachtet. Joäb, in neef fan de kening, is oer it leger steld. Ik stean him lang net, syn eagen hawwe wat slûchslims. Dêr komt by dat der in flues oer syn tinken hinne leit, dat ik kin hiel min peilje wêr't syn motiven lizze. De ûnderfining hat my alle oeren en dagen fan myn libben leard dat soks in faai teken is. It liket my in grutte oerkommeling, de kening sil mear as op syn tellen passe moatte foar dy man. Miskien krij ik nochris de kâns om him te observearjen as ik him ris yn in poepeslom tref. Want dan is sa'n flues meast oplutsen en yn dat gefal soe ik syn gedachten maklik lêze kinne.

Ik kin ek letterlike teksten lêze. Mem hat my dat as bern al leard, tagelyk mei it skriuwen. Sy hat my sa'n soad kostberheden yn de goede sin fan it wurd meijûn yn it libben! Goud of sulver hie se net, mar wol dingen dy't net yn datsoarte fan wearden út te drukken binne. Net ien yn it paleis is op 'e hichte mei it feit dat ik lêze en skriuwe kin. It soe ûnferstannich wêze om dat buorkundich te meitsjen. Underskatting fan myn kinnen hat oant no ta altyd yn myn foardiel wurke. De wrâld is rûch en wa't him net rêde kin is

slûch, dat is al hiel lang myn biedwurd.

Yn de tiid dat ik as jonge boade ûnder kening Saul tsjinne, haw ik leard om mysels steande te hâlden. Net mei grutte wurden of geweld. Dat past net by my. Gewoanwei troch der te wêzen as it nedich is en te besykjen om op ûnopfallende wize hjir en dêr in passend wurd falle te litten. De tiid hat my leard hoe't ik it bêste mei minsken omgean kin. Fansels haw ik net in soad yn te bringen. It is ommers myn taak om te dwaan wat fan my frege wurdt.

In skoftsje neidat kening Saul himsels tekoartdien hie, kaam ik yn tsjinst by kening David yn Hebron. Ik koe him fansels al fan it lierespyljen yn de jierren dat ik as boade oan it hof fan kening Saul tsjinne. David fleure Saul yndertiid op mei syn muzyk as dy wer ris in perioade fan swiersettigens hie. Ik ken in hiel soad eigenaardichheden fan David sa stadichoan. Ien dêrfan fyn ik hiel bysûnder: wannear't der swierrichheden binne, draait er mei de hân syn linkerear om.

Nei goed sân jier yn Hebron fan meast ûnrêst en fjochterijen waard David kening fan Israël en ferhuze ik mei nei Jeruzalim. Yn dy tiid stie it paleis der noch net, dat is letter boud troch timmerlju en mitslers dy't Hiram, de kening fan Tyrus, mei in lading sederhout nei David stjoerd hie. De muorren, treppen en it dak binne fan gielich stien. It is in ûnderkommen wurden dat besjen lije kin en dêr't ik ek in beskieden plak yn krigen haw.

Fansels is der in grutte sydfleugel kommen foar de froulju fan de kening mei harren neiteam. In fertrek foar de bern om it skriuwen en lêzen te learen en filosofylessen te folgjen. In itensieders-romte.

De wash wurdt troch de tsjinstfammen bûtendoar dien. Dêr binne de wetterputten en de baaiplakken foar it personiel. In paleis kin fansels net sûnder in dûnsseal. Dêrom is yn 'e midden fan it gebou in grutte romte frijlitten om feesten te hâlden. Mei de itensfoarried is ek nochal in grut part fan it gebou beset. De boaden, tsjinstfammen en it oare persoaniel hawwe allegearre in frij lytse romte om te sliepen ta har beskikking krigen. De kening wennet yn de oare mânske sydfleugel. Bûten syn priveeromte binne dêr in soad keamers makke, want syn amtners moatte ek plak hawwe en der moat romte wêze om gasten yn te heljen. Dêrneist hat er in grut dakterras ta syn foldwaan.

De frouwen fan de kening binne hiel ferskillend fan aard. Achinoâm is in hiel kreaze frou, mar net frij fan oergeunst, idelens en grutskens. My tinkt bytiden ek wat beheind fan ferstân. Abigaïl fyn ik in prachtferskinning. Fan binnen en fan bûten is se fan in seldsume skientme. Yn myn eagen in wize frou, dy't wers is fan pronkjen of tierelantyntsjes. Om earlik te wêzen: in frou sa't in frou heart te wêzen. Maäka is in neatsizzend skepsel, ik krij net folle hichte fan har. Dan binne Chaggit, Abital en Agla der noch. Ik begryp absolút net wat de kening yn harren sjoen hat om sa fier te gean en trou mei dy sleaukes. Mikal, de dochter fan kening Saul, is der net mear. Ik wit wier net wêr't se keard is.

No bin ik in aparteling dy't oant de dei fan hjoed neat witte wol fan in relaasje mei in frommes. Ik haw fierstentefolle slimme rûzjes en kampslaggen tusken man en frou meimakke. Heareminsken noch oan ta, as ik even weromtink: wat wie der in soad tsierderij ûnder de froulju yn de tiid by kening Saul, mar folle

mear noch yn de lêste jierren ûnder kening David.

It is alderraarst!! Alle kearen wer moat ik konstatare dat de leafdesbân tusken in man en in frou hiel breklik is. Dat ik moat der net oan tinke om oan sa'n skepsel fêst te sitten en gjin eigen baas mear te wêzen.

De kening docht gewoan wat him yn 't sin komt, ik sjoch geregeld in frou dy't ik net ken út syn keamer kommen. Mar hy is wol mei al syn froulju troud! Wat stelt in houlik dan noch foar? Dêr soe ik him graach ris op oansprekke wolle, mar it heart net ta myn taken.

It kostet him de kop nochris, dat kin ik him op in briefke jaan. Lykwols, as hy it net sjocht, dan is it fan my ôf en dêrom hoecht er letter net mei kleisangen by my te kommen. Want dat it aanst in kear goed mis giet is foar my sa helder as glês. Myn tredde each hat it my al mear as ien kear foarsein.

II

DAVID

Wêrom oft ik diskear yn Jeruzalim bleaun bin, wit ik eins net. Hie ik gjin nocht mear oan de fjochterijen? Skytskoarre ik tsjin de ivige bluoddrichheden oan? Tocht ik dat Joäb it sa stadichoan allinne wol ôf koe? Of wie it de wearzge dy't ik fiede as ik dy wrede man allinne mar sykheljen hearde? Dat er okkerdeis Abner, dierbere sibbe fan Saul, it libben benommen hat, nim ik him alle dagen noch kwea ôf. Neffens my wie it gjin tafal, sa't er it neamde, mar hat Joäb wraaknommen op Abner omdat er him de dea fan syn broer Asahel oanrekkene. Nuver genôch binne beide ommers fûn mei in stek yn it liif en gjin drip bloed mear yn 'e ieren. Dat ik Abner noch alle dagen ferskriklik mis, seit genôch. Ik moat ynienen tinke oan it kleiliet, dat ik nei syn dea song:

*Moast Abner no stjerre,
as in hiel gewoane kearel?
De hannen wienen dy net bûn
noch de fuotten yn boeiens slein.
Lykas men falt troch dogeneaten
sa bisto fallen!*

It folk wie ek ferskriklike oerstjoer nei syn dea. Ik koe op dy bewuste dei gjin iten trochkrije, de kiel siet my ticht. Sadwaande koe ik de minsken sjen litte dat it deadzjen fan de man myn wurk net wie. Foar my wie Abner, de soan fan Ner, in foarst, in grut man yn it

lân fan Israël. Ik hope dat de Heare de kweadwaner ferjilde soe neffens syn kwea.

Dat is oant no ta net bard. Joäb is noch hieltyd oerste fan it leger. Spitigernôch is him yndertiid neat oerkommen en tsjintwurdich komt him noch altyd neat oer. Blykber binne dogeaten ûnskeinber foar de Heare.

Myn minachting foar Joäb sil grif meispylje yn dit stik fan saken, mar as ik earlik nei mysels ta bin, is it gewoan in tekoart oan besieling dat ik de striid oan him oerlitten haw. Neffens it berjocht dat de boade my koartlyn brocht hat, leit er op dit stuit mei it leger foar Rabba, it sintrum fan it Ammonityske lân, by de boarnen fan 'e rivier de Jabok. De reintiid is foarby, dat de manshippen kinne der wer op út.

Wannear't ik hjir op it dakterras om my hinne sjoch en it paleis yn al syn hear en fear skôgje, fiel ik dat ik in âldman wurd. As ik op de rêstbank lis, haw ik mar ien gedachte: is dit no alles wat der is? Foar alle nachten kin ik in frou kieze om mei te rolleboljen, mar ken ik har echt? As ik antwurd jaan moat op dy fraach dan sis ik: allinne Abigaïl. Sy hat my yn al dy jierren dat ik mei har troud bin yn in soad dingen ta stipe west en dêrom is se my och sa leaf. Mikal is der net mear. Har hie ik ek och sa leaf, al koe se my nuver teplak sette. As ik weromtink oan it oerbringen fan God's arke fan Obed-Edom nei de Davidsstêd, hear ik noch it gejubel fan it folk Israël. Ik fiede my op dat stuit sa lokkich, dat ik it net litte koe om te dûnsjen op it ritme fan it lûd fan 'e rammehoarnen. Ik hie doe allinne in linnen efod om en dat woeks Mikal yn 'e eagen. Doe't de arke teplak kommen wie en ik

weromkaam om myn húshâlding de segengroet te bringen, hastige Mikal my yn 'e mjitte. Ik wit noch de krekte wurden dy't se sei: 'Wat hat de kening fan Israël himsels hjoed in eare oandien, dat er him útklaaid hat foar de eagen fan de slavinnen fan syn tsjinnern, sa't de earste de bêste swankebast him sûnder skamte útklaait.'

Mei myn antwurd kaam ik har op it sear. Ik sei har dat de Heare my útkeazen hie boppe har heit en syn hiele famylje, dat er my oansteld hie as foarst oer it folk fan de Heare, oer Israël. Dat ik foar de eagen fan dy Heare dûnse hie. De lêste wurden hie ik by neier ynsjoch better net sizze kinnen: 'En ik sil my noch helte mear fernederje as niiskrekt en lyts wêze yn eigen eagen. En mei de slavinnen, dêrsto it oer hiest, mei dy sil ik ta myn eare komme.' Nei dat beskje draaide Mikal har sûnder noch in wurd te sizzen om en ferdwûn troch de doar fan it paleis.

Ik mis Mikal ferskriklik. Achinoäm, Maäka, Chaggit, Abital en Agla binne eins allegear gelyk. Se soargje foar in koart befredigjen en fansels foar bern mar dêr is alles mei sein. Dat ik freegje my ôf wat ik noch dwaan wol yn de jierren dy't ik miskien noch tegoede haw.

Is it net sa dat ik mear as sljochtweihinne langje nei de dagen fan myn jeugd? Nei it gefoel fan frij te wêzen? Gewoan yn it wide lânskip en it selskip fan de skiep ta te hâlden, allinne mei de bisten en mysels? Miskien wie dat wol de lokkichste perioade yn myn libben.

De tiid fan freonskip mei Jonatan is fansels likegoed ûnferjitlik. De dei dat wy in ferbûn sleaten, stiet my